



IN GOEDE DOKTER
(The good dokter)

Komeedzje in twee bedrijven

fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN GOEDE DOKTER – THE GOOD DOKTER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1974 by Neil Simon

Copyright translation: 1997 by Neil Simon

Copyright Frisian translation: 2001 by Neil Simon

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Dit stik bestiet út twa bedriuwen, mei yn totaal tolve sênes. Yn dizze sênes komme achterelkoar de neikommende persoanen op:

EARSTE BEDRIUW: Earste sêne:

De skriuwer

Twadde sêne: De prúst

Ivan Ilyitch Cherdyakov

Mefrou Cherdyakov

Generaal Mikhail Brassilkov

Mefrou Brassilkov

Tredde sêne: De gûvernante

De skriuwer

De mefrou

De gûvernante

Fjirde sêne: Sjirurgy

De skriuwer (hy spilet hjir ek Kuryatin)

De koster

Fyfde sêne: Te let foar gelok

De frou

De âlde man

Seisde sêne: De ferlieding

De skriuwer (hy spilet hjir ek as Pjotr Semyonich)

Nikolay

Irina, syn frou

Twadde bedriuw: Earste sêne: De drinkeling

De skriuwer

De swalker

De plysje

Twadde sêne: De audysje

De stim (fan de skriuwer)

Nina Zarechnaja

Fjirde sêne: In warleas skepsel

De bankier
De betsjinner
De froulike besite

Fyfde sêne: It arranzjemint
De skriuwer (spilet hjir ek de heit)
De jonge
It ljidske

Slotsêne:
De skriuwer

Yn totaal binne der 9 frouljusrollen en 11 manljusrollen, mar mei dûbelrollen kin men dit stik hiel goed spylje mei bygelyks 5 froulju en 5 manlju, mar 9 froulju en 4 of 5 manlju is ek hiel wol mooglik.

EARSTE BEDRIUW

EARSTE SÊNE

De skriuwer.

SKRIUWER: (*yn syn studearkeamer*) Nee, nee, jim steure my net... Ik mei leaver prate as wurkje. Dochs wurd ik hjir alle dagen neisitten troch ien gedachte: ik moat skriuwe, ik moat skriuwe, ik moat skriuwe... Dit is myn studearkeamer, de keamer wêr't ik myn ferhalen skriuw. Feitlik ha ik'm sels boud - de beammen omseage en de planken fêstspikere. Ik ha der in freeslike binde fan makke. Ik skriuw hjir oan dizze kant fan de keamer om dat it dak boppe it buro lek is. Ik soe it buro wol fersette kinne, mar it stiet boppe in iepen litten gat yn de flier. En de flier waard boud op de skeante fan in berch, dus at it fûl reint, wol de keamer nei ûnderen glydzje. Hiel wat dagen ha ik yn dizze hut stien wylst ik myn buorlju de dyk del foarby glieden. Likegoed, bin ik hjir lokkich. Besite komt der lykwols net genôch nei myn sin. Minsken skine skriuwers te mijen. Sy geane der fan út, dat wy it altyd drok ha mei tinken - dat is net wier. Sels myn bêste brave mem wol my net steure, dus rint se hjir altyd op teannen oan ta en set myn iten foar de doar... Ik ha yn jierren gjin waarm iten mear hân. Mar ik ha hjir hiel wat skreaun... Miskien tefolle... At ik nei bûten sjoch, dan tink ik dat it libben mei de gong fan in sneltrein oan my foarby giet. Dus stel ik mysels de fraach, welke kracht twingt my ta dit ûnberoaide skriuwen, dei yn dei út, bledside nei bledside, ferhaal nei ferhaal? En it antwurd is hiel ien-fâldich: ik kin net oars, ik bin skriuwer... Soms tink ik dat ik miskien wol gek bin.... O, ik bin folslein ûngefaarlik. Alhoewol, ik moat tajaan dat ik soms wat ôfwêzich bin. Yn sommige petearen hear ik neat en sjoch allinne de beweging fan de lippen en antwurdzje ik mei in neat te betsjutten, "Ja, ja fansels", en de hiele tiid tink ik, dizze fint is in fantastysk karakter foar in ferhaal. Likegoed, at ik skriuw genietsje ik. En ik fyn it leuk de drukproeven te lêzen, mar... sa gau't it drukt is, kin ik it net mear útstean. Ik sjoch dat alles ferkeard is, in misstap, dat it noait skreaun wurden moatten hie en ik fiel my ellindich. Dan lêst it publyk it. "Ja, alderaardichst, knap", "Alderaardichst, mar in swakke imitaasje fan Tolstoi." Of "In goed gehiel, mar Toergenjef's Heit en Soannen is better." En sa sil it wêze oant ik dea gean... Alderaardichst en knap, alderaardichst en knap, neat mear. En at ik dea gean dan sille myn freonen oan myn grêf sizze, "Hjir leit dy en dy, in goeie skriuwer, mar Toergenjef wie better..." It is grappich,

mar foardat jim der yn kamen, tocht ik by mysels, miskien moat ik der op in goeie dei mei ophâlde. Wat ik dan dwaan soe? Wol, ik ha der nooit earder oan tajûn, mar jûn yn dit teater, wol ik fertelle, wat ik it leafst dwaan soe mei myn libben. Al sûnt myn bernejierren, ha ik altyd... ha ik altyd... Ekskusearje my even. Ik moat even wat opskriuwe... Ik kaam krekt op in idee. In ûnderwerp foar in koart ferhaal. Hm, ja, ja. De ynspiraasje kaam troch it praat oer it teater. Wêr hiene wy it sa krekt oer?... It docht der net ta. Myn gedachten wurde hielendal yn beslach nommen troch dit nije ferhaal. Even sjen at it jim wat oansprekt... It begjint yn in teater. It begjint op de iepeningsjûn fan it nije seizoen. It begjint mei it ynkommen fan al dy bêste en brave begeunstigers fan de prachtige keunsten dy't nei elkoar wiuwe en groetsje yn de grutte foyer, wylst se kommintaar leverje hoe't dizze en jinge der útsjocht of klaaid is - wylst se mar amper witte welk stik se dy jûns sjen sille... Utsein ien man... Ivan Ilyitch Cherdyakov! *(it teaterdekôr ferskynt, besteande út twa rigels fan it publyk, lyk foar ús oer)*

SÊNE TWA

DE PRUST

SKRIUWER: At Ivan Ilyitch Cherdyakov, in ambtner, in klerk by it ministearje fan de Iepenbiere Parken, ek mar in bytsje hartstocht yn syn libben hie, dan wie dat foar it teater. *(Ivan Cherdyakov en syn frou komme op. Hy is mids tritich, sacht fan aard en beskieden. Hy en syn frou binne yn'e peaske-pronk, mar falle dochs út de toan bij de grandeur om har hinne. Sy heare hjir beslist net thús. Se gean sitten. Wylst syn frou it programmaboekje sekuer besjocht, strielet Cherdyakov fan gelok, wylst hy 180 graden om him hinne sjocht nei it teater en it publyk. Hy is jûn in gelokkich man)* Hy hie de ferwachting en ambysje om noch ris in trepke heger te kommen en hie syn libben wijd oan hurd wurkjen, fol iver en geduld. Mar hy soarge der wol foar dat er syn iene grutte fernoegen net misrûn. Dus kocht hy 2 fan de bêste kaartsjes foar de galafoarstelling fan Rostov's "De Gravin mei de burd". *(in Generaal, yn in prachtich unifoarm, en syn frou komme der yn en sykje har plak)* It lot woe dat dyselde jûn syn respektarre superieur, Generaal Mikhail Brassilhov, de minister fan Iepenbiere Parken sels, ek nei it teater gong. *(de Generaal en syn frou geane op de earste rige sitten, de Generaal lyk foar Cherdyakov)*

CHERDYAKOV: *(bûgt foaroer nei de Generaal)* Goejûn, Generaal.

GENERAAL: *(sjocht mei in koele blik om nei Cherdyakov)* Hm?... Wat? O, ja. Ja. Goejûn. *(de Generaal draait him wer om en sjocht yn syn programma)*

CHERDYAKOV: Nim my net kwea ôf, menear. Ik bin Cherdyakov, Ivan Ilyitch. Dit is in grutte eare foar my, menear.

GENERAAL: *(draait him om; koel)* Ja.

CHERDYAKOV: Krektlyk as jo, achte Generaal, tsjinje ik ek it ministearje fan iepenbiere Parken... Dat wol sizze, ik tsjinje jo, want jo binne it ministearje fan Iepenbiere Parken sels. Ik bin de assistint fan de haadklerk yn it departemint Beammen en Struken.

GENERAAL: Just ja. Hâld it goede wurk yn eare... Prachtige beammen en struken bin der dit jier. *(de Generaal draait him om. Cherdyakov giet rjochtop sitten mei loksillige blik. De frou fan de Generaal flústert wat nei de Generaal en hy hellet de skouders op. Ynienen giet it net sichtbere doek iepen en elkenien klapt. Cherdyakov bûgt wer foaroer)*

CHERDYAKOV: Myn frou soe graach mei jo yn de kunde komme wolle, Generaal. Dit is se. Myn frou, mefrou Cherdyakov.

FROU: *(glimket)* Bliid om mei jo yn de kunde te kommen.

GENERAAL: Tige nei't sin.

FROU: It fernoegen is alhiel oan myn kant, Generaal.

GENERAAL: Mei alle wille. *(hy draait him om, ergere. Cher-dyakov strielet nei syn frou; dan nei de frou fan de generaal ta)*

CHERDYAKOV: Mefrou Brassilhov, dit is myn frou, mefrou Cherdyakov.

FROU: Bliid mei jo yn de kunde te kommen, mefrou Brassilhov.

MEFROU B: *(koel)* Tige nei't sin.

FROU: Ik mocht sakrekt mei jo man yn de kunde komme.

CHERDYAKOV: *(tsjin mefrou Brassilhov)* En ik bin de man fan myn frou. Alles goed mei jo, mefrou Brassilhov. *(de skriuwer docht "ssst" om se stil te krijen)*

GENERAAL: Nim my net kwea ôf, nim my asjebleaf net kwea ôf. *(de Generaal besiket syn lilkens net blike te litten, wylst se allegear wer nei it stik sjogge)*

CHERDYAKOV: Ik hoopje dat jo it stik leuk fine, menear.

GENERAAL: Dat doch ik seker, at ik de kâns krij om it te sjen. *(hy kriget it waarm en hellet syn finger troch it boardsje. Se sjogge allegear wer nei it stik)*

SKRIUWER: Wylst hy nochal tefreden mei him sels is oer de munt, dy't hy út dizze gouden gelegenheid slein hat, giet Ivan Ilyitch wer rjochtop sitten om te genietsjen fan "De Gravin mei de burd". Hy wie gjin frjemd mear foar de minister fan iepenbiere Parken. Sy wiene, royaal sprutsen, bekenden wurden ... En dan, samar ynienen, sûnder ienige warskôging, as in tongerslach út in kleare loft, beweecht Ivan Ilyitch Cher-dyakov syn holle nei achteren en...

CHERDYAKOV: HAAH... HTSCHIEE... E!!!!!!! *(Cherdyakov prûst ferskriklik, syn holle klapt nei foaren. De prûst komt foar it grutste part achter op de folslein keale holle fan de Generaal, dy krimpt ynelkoar en syn hân betaast direkt syn no befochtige holle)*

CHERDYAKOV: O, heare godskes, it spyt my, Eksellinsje! It spyt my freeslik. *(de Generaal pakt syn bûsdoek en faget oer syn holle)*

GENERAAL: It is neat. It is al ynoarder.

CHERDYAKOV: Yn oarder?... It is beslist net ynoarder. It is net goed te praten. It wie mûnsterachtich fan my.

GENERAAL: Jo lûke it jo tefolle oan. Lit mar. *(hy berget syn bûsdoek wer op)*

CHERDYAKOV: *(pakt gau syn eigen bûsdoek)* Mar ik kin it dochs sa net litte? Hjir is gjin ekskús foar. Stean my ta jo nekke út te feien, Generaal. Dat is it minste wat ik dwaan kin. *(hy begjint de holle fan de Generaal ôf te feien. De Generaal triuwt syn hân fuort)*

GENERAAL: Lit my no mar mei rêst! It is ynoarder, sis ik.

CHERDYAKOV: Mar ik ha jo besproeid, meneer. Jo hiele holle is wiet.

It wie in ûngelokje, dat fersekerje ik jo, mar, it is walchlik.

SKRIUWER: Ssssh!

GENERAAL: Nim my net kwea ôf. Myn ekskuses.

CHERDYAKOV: It punt is, Eksellinsje, dat it sûnder warskôging kaam.

It wie myn noas al út, foar dat ik it keare koe.

MEFROU B: Shhh!

CHERDYAKOV: Shhh, ja fansels. It spyt my. *(Cherdyakov giet rjochtop sitten, nerveus. Hy snút syn noas yn de bûsdoek. Dan bûgt hy foar oer)* Ik bin net ferkâlden, at jo je dêr soargen oer meitsje, meneer. Miskien in plúske yn'e noas.

GENERAAL: Shhh! *(se sjogge yn stilte nei it stik en Cherdyakov sit rjochtop, ûngelokkich mei him sels)*

SKRIUWER: Mar wat hy ek besocht, Cherdyakov koe it ynsidint net fan him ôf sette. De prûst, neat mear as in ûnskuldich anatomysk ûngelok, groeide yn syn gedachten bûten alle proporsjes, oant it op in kwea-aardich gebolder fan in kanon like, dat rjocht op it fijannelike kamp rjochte stie. Hy herhelle it foarfal yn gedachten, fertraagd ôfdraaid sadat hy fol ôfgrizen de ynfameuze died wer sjen koe. *(Cherdyakov, yn slow-motion, mar sa stadich dat it foar ús plaatsje foar plaatsje ferskynt. It liket ek 3 kear sa yntins as de echte prûst. De Generaal reagearret ek fertraagd as kaam der in mokerslach op syn holle del. Se gean allegear troch mei de beweging fan de "prûst" oant it foarby is, en it net sichtbere gerdyn ticht giet en se klappe. Se gean allegear oerein en rinne nei de útgong, al pratend oer de prachtige jûn dy't se krekt hân ha)*

GENERAAL: Aardich... alderaardichst.

MEFROU B: Ja, alderaardichst.

GENERAAL: Alderaardichst... werklik alderaardichst. Wie't net alderaardichst, leave?

MEFROU B: Ik fûn it dochs sa alderaardichst. *(Cherdyakov stiet achter harren en tikket de Generaal op'e skouder)*

SKRIUWER: Ik fûn it hiel sjarmant.

CHERDYAKOV: *(tikket noch hielyd op'e skouder fan de Generaal)*
Nim my net kwea ôf, Eksellinsje.

GENERAAL: Wa tikket der op myn skouder? Der tikket ien op myn skouder. Wa tikket der?

CHERDYAKOV: Ik tikje jo op't skouder, menear. Ik bin de tikker... Cherdyakov.

MEFROU B: *(lûkt de Generaal gau mei)* Kom mei leave, it is dy prûster.

CHERDYAKOV: Nee, nee, it is al oer. Ik bin útprûsten. Ik meitsje my der allinne soargen oer, dat jo de nachtlige kjeld yngean mei in wiete holle.

GENERAAL: O, dat. It wie suver neat. In lyts misstapke. Ferjit it, jongkeardel. In fermaaklik stik, fûnen jo net? Funen jo it net fermaaklik?

CHERDYAKOV: Fermaaklik? O, leave sei, ja. Ha. Ha. Dat is wier. Ha, ha. Ik ha yn jierren net sa lake. Ha, ha, ha...

GENERAAL: Welk part hâld jo it measte dwaande?

CHERDYAKOV: De prûst. Doe't ik op jo prûste. Der is gjin ekskús foar, Menear.

GENERAAL: Ferjit it jongkeardel. Kom leave. It liket wol at it reine wol. Ik wol net nochris in wiete holle oprinne.

MEFROU B: Do soest minsken net op dy prûste litte moatte, leave. Do bist gjin prûstpeal. (*se binne fuort*)

CHERDYAKOV: Ik bin ferlern. Ferlern! Hy sil my ûntslaan litte by Beammen en Struken. Se sille my degradearje nei Takken en Twigen...

FROU: Kom mei, Ivan.

CHERDYAKOV: Wat?

FROU: Do moatst it dy net oanlûke. It wie allinne mar in ûnskuldige prûst. De Generaal is't op syn moaist allang fergetten.

CHERDYAKOV: Tinkst dat wier?

FROU: Nee! Ik bin bang, Ivan.

SKRIUWER: En sa rûnen se yn wanhoop nei hûs.

CHERDYAKOV: Miskien dat ik him in aardich kadootsje stjoere moat. In pear Turkse badhandoeken of sa.

SKRIUWER: De takomst fan Cherdyakov, dy't sa moai like, lei oan gruzeleminten.

CHERDYAKOV: (*at se thús komme*) Wêrom moast my dit oerkomme? Wêrom bin ik eins nei't teater gongen? Wêrom bin ik net op it balkon sitten gongen tusken myn eigen slach folk? Sy fine it prachtich om elkoar te beprûsten.

FROU: Kom mei op bêd, Ivan.

CHERDYAKOV: Miskien at ik ris nei de Generaal ta gong en de saak útlei, mar dan op sa'n aardige, earlike en nederige manier, dat er my allinne mar ferjaan kin...

FROU: Faaks is it it bêste om der net wer oer te begjinnen, Ivan.

CHERDYAKOV: Nee, nee. At ik oait in hear wurde wol, dan moat ik my ek as hear gedrage.

SKRIUWER: En sa kaam de moarn. It kaam sa út, dat dit de dei wie wêrop de Generaal petysjes ûntfong, en sjoen dat der sa'n 50 oant

60 petysjes foar Cherdyakov wiene, wachte hy fan de moarn oant de lette, lette neimiddei... (*Cherdyakov komt it kantoar fan de Generaal yn*)

GENERAAL: De folchjende!... de folchjende!

CHERDYAKOV: Ik bin de folchjende net, Eksellinsje... ik bin de lêste.

GENERAAL: Ek goed... de lêste!

CHERDYAKOV: Dat bin ik, Menear.

GENERAAL: Wel, wat stiet der yn jo petysje?

CHERDYAKOV: Ik ha gjin petysje, Menear. Ik kom net foar in petysje.

GENERAAL: Dan fergrieme jo myn tiid.

CHERDYAKOV: Sjogge jo net wa't ik bin, Menear? Wy ha elkoar justerjûn ûnder nochal eksploisive omstannichheden kennen leard... Ik bin de sproeier.

GENERAAL: De wat?

CHERDYAKOV: De prûster. Deselde dy't prûste. De prûstende sproeier.

GENERAAL: O, ja? En wat wolle jo no? Dat ik sis fan: sûnens?

CHERDYAKOV: Nee, Eksellinsje... dat jo it my net kwea ôf nimme. Ik woe allinne mar útlizze dat der gjin politike of anti-sosjale bedoelings achter myn prûst sieten. It wie in op himsels steande, net gewelddiedige aksje fan God. Ik ferflok de dei dat it útsteksel him op myn gesicht foarme. It is in haatlige noas, Menear, en ik bin net ferantwurdlik foar syn bretaliteiten... (*pakt syn noas beet*) Straf it selde dat de misdied begong, mar ûntsjoch it ûnskuldige lichem der achter. Ferflok myn noas, mar ferjou my, Barmhertichheid. Ferjou my.

GENERAAL: Myn bêste jongkeardel, ik bin net liik op jo noas. Ik ha it te drok om my mei jo nasale problemen yn te litten. Ik ried jo oan om nei hûs te gean en in waarm bad te nimmen - of in kâld - nim wat, mar fal my net noch ris lestich mei dit soarte fan ûnbenullichheden... Gejeuzel, gejeuzel, gejeuzel, dat is wat ik de hiele dei oanheard ha. (*wylst hy ôfgiet*) Gejeuzel, gejeuzel, gejeuzel, gejeuzel... (*Cherdyakov bliuwt allinne achter yn it kantoar, snokkerjend*)

CHERDYAKOV: Tanke Menear. God seinigje jo en jo frou en jo húshâding. Dat jo dagen swiet wêze meie en de nachten better as jo dagen.

SKRIUWER: It gefoel fan ferlichting dat oer Cherdyakov kaam wie grut.

CHERDYAKOV: Dat de fûgels moarns sjonge meie ûnder jo finster en dat jo kofje sterk en hyt wêze mei.

SKRIUWER: It gewicht fan de lêst, dy't weinommen wie, wie net te skatten...

CHERDYAKOV: Ik ferearje de stoel dê't jo op sitte en it unifoarm, dat jo drage, dat op de stoel sit, dy't ik ferearje...

SKRIUWER: Hy rûn nei hûs, al sjongend en fluitsjend as in ljurk, it libben wie beslist in wûnder, ien en al wille, in himelsk paradys...

CHERDYAKOV: O, God, ik bin gelokkich!

SKRIUWER: En dochs...

CHERDYAKOV: En dochs...

SKRIUWER: Doe't hy thús kaam begong hy der oer nei te tin-ken...

CHERDYAKOV: Bin ik it slachtoffer wurden fan in wrede en ûnmeilydsume grap?

SKRIUWER: Hie de minister mei him omboarte?

CHERDYAKOV: At hy net fan doel wie my te straffen, wêrom kwelde hy my dan sa ûnbarmhertich?

SKRIUWER: At de prûst sa ûnbelangryk wie foar de minister, wêrom liet hy him dan sa omwuolje yn syn bêd?

CHERDYAKOV: Sa omwuolje yn deadseangst de hiele nacht?

SKRIUWER: Cherdyakov wie breinroer!

CHERDYAKOV: Ik bin breinroer!!!!

SKRIUWER: Hy ferbiet him en rookte en rûn de hiele nacht om, en moarns raasde hy nei syn frou: "Sonja"!!!

CHERDYAKOV: Sonja!!!! (*sy komt der yn draven*) Ik bin fernedere.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto